

It ferline hat west en nimmen wit wat de takomst is

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Gymnastyk foar âlderein Weidum

De hannen omheech en de fuotten fan de flier yn soarchsintrum Nij Dekama

pagina 3 >



Kringloopwinkel open in Wommels

Kok zegt bij Tellens zijn vaste baan op om te gaan handelen in tweedehands goederen

pagina 5 >



Dammers Frysk spul yn Easterein

Aldegea kampioen, teams fan Lollum en Jorwert promovearje nei hegere klasse

pagina 17 >

Poeiermolke, kofje, snert, glühwein en in borreltsje...



De kuierders rûnen dwers troch de pleats fan Van Mourik.

Foto: Jaap Terpstra

Easterlittens - „Wat! Krije we no snert?“ Dêr hiene de mear as trijehûndert kuierders fan de Barre Krystkuier yn Easterlittens net op rekkene. Se kamen krekt út de grutte stâl fan Van Mourik by Hûns, dêr't se de kij yn de molke-robot besjen koenen.

Troch Ria Kraa

En se soenen hast sa trochrinne, it tsjuster wer yn. Se hienen ommers ek al kofje mei poeiermolke hân op de pleats fan Karst en Janny

Bouma yn Winsum, en efkes letter yn Baaium kofje mei koeke fan Anneke en Marten de Jong, tsjin in dekôr fan hynders en muzyk.

Pleisterplak

Dat se hienen net rekkene op alwer in pit stop. Mar de dielnimmers lieten harren de snert by dit tredde pleisterplak goed smeitsje. En dan hop wer it lân yn, fierder, nei de mûne, nei de Panwurksbrêge by Leons. En dan alwer ferrassing: der stie yn Eppie Veenstra's geitestal yn Baard glühwein en in borreltsje te

wachtsjen.

Dat hienen de riners fertsjinne want de kâlde hurde wyn joech in gefoelstemperatuer fan tsien graden ûnder nul en it wie dus wer in echte Barre Krystkuier.

Mar ek in sprookje fan in kuier, want de 14 kilometer lange rintocht troch de greiden om Easterlittens hinne wie fersierd mei hûnderten lampkes, en tsientûzenden stjerren yn 'e loft. Nei ôfrin feest yn doarpshûs De Jister mei DJ Sjouke: de jûn koe net mear stikken. Op nei de achtste Krystkuier!

Tal ynwenners rint yn 2014 mei fyftich werom

Wommels - It oantal ynwenners fan Littenseradiel is foar it twadde jier op rige ôfnaam. Op 1 jannewaris van dit jier telde de gemeente 10.878 ynwenners en dat wiene der fyftich minder as op 1 jannewaris 2014. Yn 2013 gong it om in delgong fan 21 ynwenners, yn 2012 wie der in taname fan 24 en yn 2011 ferlear de gemeente 76 ynwenners.

Fyftjin doarpen hiene ferliene jier te meitsjen mei krimp. De grutste ferliezer wie Winsum mei -22, folge troch Mantgum mei -19. In jier

earder groeide Mantgum noch mei 27 ynwenners. Mar ek Wommels moat it mei minder ynwenners dwaan. Yn trije doarpen bleaun it ynwennertal gelyk. It giet om Hinnaard, Kûbaard en Leons. Yn oare lytse doarpen, lykas Baaium, Rien en Hidaard wie sprake fan in lytse krimp. Boazum ferlear fyftjin ynwenners, yn Itens rûn it ynwennertal mei tsien werom en ek Weidum buorke tsien efterút. Yn dit doarp wenje op it stuit 580 minsken, dat hawwe der yn de jierren njoggentich fan de foarige ieu 625 west.

DORP	INWONERS 01-01-2013			INWONERS 01-01-2014			+/-
	M	V	T	M	V	T	
BAAIUM	57	65	122	59	62	121	-1
BAARD	100	87	187	102	84	186	-1
BEARS	70	58	128	73	58	131	+3
BOAZUM	218	205	423	210	198	408	-15
BRITSWERT	64	63	127	62	61	123	-4
EASTEREIN	481	471	952	489	475	964	+12
EASTERLITTENS	251	212	463	244	218	462	-1
EASTERWIERRUM	171	146	317	180	154	334	+17
HIDAARD	70	65	135	67	65	132	-3
HILAARD	161	153	314	161	149	310	-4
HINNAARD	27	20	47	26	21	47	--
HUNS	60	49	109	61	49	110	+1
IENS	22	16	38	20	15	35	-3
ITENS	137	118	255	129	116	245	-10
JELLUM	68	73	141	68	78	146	+5
JORWERT	167	164	331	169	168	337	+6
KUBAARD	133	119	252	130	122	252	--
LEONS	11	15	26	11	15	26	--
LYTSEWIERRUM	42	28	70	41	30	71	+1
MANTGUM	606	585	1191	597	575	1172	-19
REAHUS	85	90	175	88	90	178	+3
RIEN	67	56	123	63	53	116	-7
SPANNUM	142	147	289	141	147	288	-1
WAAKSENS	51	36	87	49	39	88	+1
WEIDUM	286	304	590	285	295	580	-10
WINSUM	552	523	1075	541	512	1053	-22
WIJWERT	149	124	273	150	126	276	+3
WJELSRYP	235	218	453	241	226	467	+14
WOMMELS	1091	1144	2235	1083	1137	2220	-15
TOTAAL	5574	5354	10928	5540	5338	10878	-50


KEATSFERIENINGS KEATSFREONEN

Stypje it KEATSMUSEUM



Meitsje jimme bydrage oer op: NL38 RABO 0128 3534 57

Meditatiecursus bij Sinneflecht. Start: 28 januari



SINNEFLECHT

Info: 058 2894904
www.sinneflecht.nl

It Dielshûs
jubileumshow Rolling Home

zo 1 feb 15.00 uur

Extra voorstelling met popkoor Flair en folkgroep Andehlian. Reserveren gewenst. www.itdielshus.nl

NIEUW BEZOEKADRES!

MEDISCH- EN ONCOLOGISCH VOETZORGVERLENER!



Medisch- en oncologisch voetverzorgverlener

Uw voeten in goede handen

BEHANDELING VAN:

- NIEUW oncologie voet
- diabetische voet
- reumatische voet
- eelt, likdoorns
- schimmel (mycose) nagels
- ingroeïende nagels

BEHANDELING VAN:

- beoordeling van standafwijkingen
- schoenkennis
- toepassen specialistische technieken
- schimmel diagnostiek

i.s.m. UMC St Radboud

